

Antwurden

- | | | | |
|--------------|----------------------|----------------|-----------------|
| 1. Claus | 4. Wilhelmina | 7. Bernhard | 10. Emma |
| 2. Soestdijk | 5. Apeldoorn | 8. Drakenstein | 11. Maurits |
| 3. Irene | 6. Pieter-Christiaan | 9. Friso | 12. Constantijn |

Taljochting

1. Claus George Willem Otto Geert, jonkheer van Amsberg (6 september 1926 - 6 oktober 2002).
Troud mei keninginne Beatrix op 10 maart 1966.
2. Prinses Juliana en prins Bernhard setten har hjir yn 1937 nei har houlik nei wenjen en se bleaunen dêr oant har dea.
Yn 1971 kaam it yn ryksbesit en it is no tydlik iepensteld foar publyk.
3. Irene Emma Elisabeth (5 augustus 1939). De namme Irene betsjut 'frede'.
4. Wilhelmina Helena Pauline Maria (31 augustus 1880 – 28 novimber 1962).
Troud mei prins Hendrik op 7 febrewaris 1901. Keninginne fan 6 septimber 1898 - 4 septimber 1948.
5. Paleis Het Loo is yn 1685 boud. It wie û.o. de simmer-residinsje fan keninginne Wilhelmina.
No wenje dêr yn de buert yn Huis Het Loo prinses Margriet en Pieter van Vollenhoven.
6. Pieter-Christiaan Michiel (22 maart 1972) prins van Oranje-Nassau van Vollenhoven troude op 25 augustus 2005 mei Anita van Eijk.
Bern: dochter Emma (28-11-2006).
7. Bernhard Leopold Frederik Everhard Julius Coert Karel Godfried Pieter, prins van Lippe-Biesterfeld (29 juny 1911 - 1 desimber 2004).
Troud op 7 jannewaris 1936 mei keninginne Juliana.
8. Kasteel Drakenstein leit by Lage Vuursche (gemeente Baarn) en is sûnt 1959 eigendom fan keningin Beatrix.
9. Johan Friso Bernhard Christiaan David, prins der Nederlanden, jonkheer van Amsberg (25 septimber 1968 – 12 augustus 2013) is yn 2013 ferstoarn oan de gefolgen fan in ski-ûngelok yn Lech. Friso wie troude mei Mabel Wisse Smit. Der binne twa dochters: Luana (2005) en Zaria (2006).
10. Adelheid Emma Wilhelmina Theresia, prinses van Waldeck-Pyrmont (2 augustus 1858 - 20 maart 1934) wie troude mei Willem III, kening fan Nederlân. Fan 1890 oant 1898 wie se regintes, dêrnei waard se 'koningin-moeder' neamd.
11. Maurits Willem Pieter Hendrik, prins van Oranje-Nassau van Vollenhoven (17 april 1968) is op 29 maaie 1998 troude mei Marilène van den Broek.
Harren bern: Anna (2001), Lucas (2002) en Felicia (2005).
12. Constantijn Christof Frederik Aschwin, prins van Oranje-Nassau, jonkheer van Amsberg (11 oktober 1969). Hy is op 17 maaie 2001 troude mei Laurentien Brinkhorst en se hawwe trije bern: Eloise (2002), Claus-Casimir (2004) en Leonore (2006).

Oplossing: Prinsessehof

It Prinsessehof is te finen yn Ljouwert en is no in museum mei prachtige keramyske kolleksjes. Earder waard it 18e-ieske stedspaleis bewenne troch Marijke Muoi (Maria Louise fan Hessen-Kassel (7 febrewaris 1688 – 9 april 1765). Ut dy keninklike tûke komt de hjoeddeiske keninklike famylje.